0114] DE DIMINUTIVA YN IT BILDTS

Oanrin.

It mei bikend stean, dat de Bildtse forlytsingsútgongen gâns in forskil sjen litte mei dy yn de oare mingdialekten fan Fryslân (it Stedsfrysk, it Amelânsk e.o.). Prof. Fokkema wiisde der destiids al op, doe't er de diminutiva fan it Ljouwerters oan de oarder brocht, en yn 'e flecht wei ek dy fan it Bildts efkes oanroerde [1]). Dat er dit flechtich die, kin men him gjin forwyt fan meitsje; rjochtoarsom: wij meije prof. Fokkema tankber wêze, dat er it omtinken en de nigyt oproppen hat foar de nijsgjirrige y- en echy-wurden dy't yn 't „Lând fan Steven Hugen" [2]) libje.

Yn dit artikeltsje hawwe wij in - nei ús bitinken - moai-aerdich folslein oersjoch jown, mar wij steane der net foar yn, dat der nòch net ris hwat út 'e bus rûgelje sil bij de ynventarisaesje fan it Bildtse taelmateriael, dy't wij op priemmen hawwe. Hawar, in oanfollinkje kin altiten nochris jown wurde.

1) *K. Fokkema, Het Stadsfries, een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatica van het dialect van Leeuwarden*, Acad. proefschrift, Assen 1937, bl. 152.

2) *Steven Hugen(s)* is nei alle gedachten yn 'e earste helte fan de fyftjinde ieu yn 'e buert fan Sassenheim berne. Fan de earste Bildtse boeren (foar fierwei it greatste part Súd- en Noardhollanners) stamje forskate fan Steven ôf, omreden fjouwer fan syn pakesizzers har - mei de húshâldings - op 't Bildt nei wenjen setten. Dêrom wurdt it Bildt wol "*'t lând fan Steven Hugen*" neamd.

Wij fine yn it Bildts dan:

1. Substantiva.

-*y* [i] nei spiranten: *beffy, dachy, dassy* [1]);
nei de eksplosiven *k* en *p*: *bakky, plokky* (Fr. ripke, Ned. ruifje), *stoepy*;
nei de eksplosyf *b,* dy't dêr sels stimleas en fordûbele bij wurdt (*pp*): *krâb* [2]) (it bist) > *kreppy, krôb* (Fr. krobbe) > *kroppy*;
nei de gutturale nasael *ng,* dêr't *g* ta *ch* [X] wurdt: *ding* > *dînchy, tong* > *tônchy, weuning* > *weuninchy, krakeling* > *krakelînchy.*

Opm.: De lêste tiden binammen ek: *dinky, tonky* ensfh.; nei alle gedachten ûnder Fryske ynfloed.

Ek de substantiva dy't útgeane op in dentale eksplosyf, foarôfgien troch in spirant, krije as forlytsingsútgong -*y*, mar reitsje dêr de einkonsonant bij kwyt: *ruffy* (fan *ruft,* Ned. luier), *frachy* (fan *fracht), lichy* (fan *licht), kissy* (fan *kist), kûnsy* (fan *kûnst), korsy* (fan *korst), foesy* (fan *foest*).

Opm.: *Hood* (Fr. holle; haed) hat yn it forlytsingswurd de *f* wer: *hofy.*

-*sy* nei de dentale eksplosiven *d* en *t: hoedsy, foetsy.* (Sjoch lykswol boppe).

-*tsy* nei vokael en diftong: *sleetsy* (fan *slé*), *jongetsy, boitsy* (Fr. buike), *doutsy* (Fr. triuwke); en as it wurd útgiet op *l*, *m*, *n, r,* bijgelyks: *fyltsy, boomtsy* (Fr. beamke; boaijemke), *mantsy, uurtsy* (Fr. ûrke; jaerke).

Opm.: 1. De yn haedsaek Fryske wurden yn it Bildts, dy't útgeane op in stomme of toanleaze *e* [ə], hawwe as forlytsingsfoarms wol in Bildts jaske oanlutsen. Bijgelyks: *bolle* (Ned. stier), *karre, kêdde, krêbbe, tôbbe* en (it fan komôf Hollânske) *waaie* (Fr. greide) hawwe as dim. resp.: *boltsy, karrechy, kedsy, krêbbechy* (of it jongere: *kreppy), tobbechy* (of it jongere: *toppy)* en *waaiëchy.*

2. Nei *m* ek: -*py*; bgl.: *boompy, koempy* (Fr. komke), en ek wol: -*echy;* bgl.: *koemechy.* Dit lêste suffiks lyksa nei de *n: kinechy* (Fr. berntsje), der't de slútkonsonant fan it grounwurd *(kynd)* bij weirekke is [3]). Fierders -*echy* nei *r: starrechy* of *sterrechy* (Fr. stjerke).

1) De kursive wurden binne de Bildtse groun- en forlytsingswurden.

2) It kapke boppe de vokalen jowt altyd en útslutend rekking oan: û = [ü.], yn bgl.: *rûg* (Fr. rêch), *kûnsy* (Fr. kunstke).

Der moat ek tocht wurde om de forskillende útspraek fan bgl. *wâltsy* yn it Bildts en yn it Frysk (sjoch ús oersjoch fan 'e Bildtse klanken yn „Us Wurk" fan simmermoanne 1958).

3) *B.L. van Albada* jowt ek op: *lonnigje* (Ned. geluidje) - grounwurd: *lônd.* Hij tekene dizze foarm op yn 'e jierren 1816/28, doe't er skoalmaster op Ouwe-Syl wie, mar earst yn 1853 lêze wij deroer yn: *Bijdrage tot den Bildtschen Tongval, Dr. A. de Jagers Archief voor Ned. Taalkunde*, IV, bl. 62/67.

-py nei *m: blompy* (Fr. blomke), *boompy* (sjoch bij *boomtsy), êrmpy* (Fr. earmke), *wurmpy* (Fr. wjirmke).

Opm.: Algemiener is nei de *m* it suffiks *-tsy* (sj. boppe). Bij it efterheaksel *-py* kin men hast tinke oan berne- of flaeitael; it liket ús ta, dat it hwat "leafliker" oandocht as *-tsy*: "*Kyk 's, sokke klaine, sachte êrmpys het 't klainmaisy.*" Lykswol sil Hollânske ynfloed net frjemd oan dizze foarms wêze.

-(e)chy yn in stikmennich gefallen: *karrechy, tobbechy, waaiëchy, kammechy* (Fr. kamke), *koemechy, kinechy, kinnechy* (Fr. kintsje), *stoepechy* of (soms) *stoebechy* (Fr. stoepke), *starrechy,* en faeks noch in mennich oare[1]).

Opm.: Forgelykje mei it dim. *kinechy* it Bildtse *kyntsy* (Fr. kynsen = 35 poun (ierappels)). Dit lêste wurd hat gjin forlytsjende bitsjutting, lykas bgl. ek: *botsy* (heale stûr), *dorentsy* (Ned. stekelbaarsje), *fessy* (Fr. festje, Ned. vest) en *kriky* (Ned. huiskrekel).

As de grounwurden in rutsene of lange stamvokael of diftong hawwe, wurde dy yn it dim. faek koart: *dâg* > *dachy, krôb* > *kroppy, mîg* > *michy* (Ned. vliegje), *êg* > *echy* (lânbou-ark), *huus* > *husy, hoed* [u.ᵊ] > *hoedsy* [uᵊ], *aai* (fan fûgel) > *aitsy.* Ek bliuwt de vokael of diftong kwantitatyf wol gelyk: *wâl* > *wâltsy, kûnst* > *kûnsy, foal* [o.ᵊ] > *foaltsy* [o.ᵊ] (Ned. veulentje). Yn oare gefallen wurdt de koarte vokael lang: *ding* > *dînchy, tong* > *tônchy.*

Opm.: It komt foar, dat hwannear't de vokael fan it grounwurd yn it dim. kwantitatyf net foroaret, dit dim. in oare bitsjutting hat as in homonym substantyf (yn wêzen ek in forlytsingswurd, mar dêr't it grounwurd fan, mei deselde bitsjutting as dy fan it dim., net foarkomt); bijgelyks: *bôl* (Ned. wittebrood of bruinbrood) > *bôltsy* (dim. fan *bôl),* njonken *boltsy* (in roun baksel met hwat krinten, greater fan trochsneed as in krintepofke): wij hawwe hjir dus resp.: [ɔ.] en [ɔ].

N.B. Yn it Bildts komme njonkeninoar foar: *kammeraatsy* (Fr.

1) *Van Albada* seit lykswol yn it yn noat 3 (bleds. 63) neamde art.: "De verkleinwoordjes worden schier uitsluitend gevormd door den uitgang *igje* en wel met verdubbeling van de sluitletter des zelfstandigen naamwoords, b.v. *mannigje. kippigje*(!), *biggigje, lammigje, lonnigje,* voor mantje, kipje, bigje, lammetje, geluidje enz., enz. Daar elke tongval echter zijne exceptiën heeft, zoo zijn ook de aangehaalde regels daaraan ondergeschikt."

Van Albada wie wol aerdich mei it Bildts op 'e hichte, mar ... der ek wolris in fiks ein neist; mei dêrom, wolle wij net in al to greate wearde oan syn biwearing oangeande de dim.-útgongen yn it Bildts takenne. Wòl stiet it fêst, dat *-(e)chy* bij âlds algemiener wie: *koppechy, skippechy* e.o.

Hwat lykswol it suffiks *-igje* (ynsté fan *-echy)* oanbilanget, moat opmurken wurde, dat ek *Waling Dykstra* neistinoar brûkte: *koemichje* en *koemichy.* Ek wikselje yn de Bildtse geskriften fan sa'n 100 jier lyn, de dim.-útgongen mei *-y* [i] ôf, mei dy op *-je* en *-tje;* en dat sil net allegéár op rekken fan 'e printer syn flaters skreaun wurde kinne.

Hoe't dit fierder ek krekt wêze meijen hat, wij hâlde it dim.-suffiks mei de vokael *y* [i] foar *in autochthone Bildtse* foarm, ommers ek yn it hânskrift fan *Dirck Jansseun Cuyck* (út 'e jierren 1595/1636) komme wij dizze forlytsingsútgong tsjin.

kammeraetsje) en *kammeraetske* (Fr. kammeraetske); it lêste dus sûnder forlytsingsbitsjutting, der 't it ûnbildtse suffiks bij opfalt. (Forgelykje ek it (forâldere) Bildtse *meesterske* = frou fan 'e skoalmaster).

2. Adverbia en Numeralia.

Hjirfoar jilde deselde regels as bij de substantiva.

Luwt, seumer 1958. *H. S. Buwalda.*